

Wannear mei ik it Frysk brûke?

It Frysk is neist it Nederlânsk in offisjele taal yn de provinsje Fryslân. Jo kinne de taal yn de provinsje bygelyks brûke by de berne-opfang of gastâlderopfang of op skoalle. Ek meie jo yn de rjochtbank de Fryske taal brûke. Of by it kontakt mei de gemeente of de Plysje yn de provinsje Fryslân.

De Fryske taal yn it ûnderwiis

Basisskoallen en middelbere skoallen yn de provinsje Fryslân jouwe it fak Frysk – útsein as de Provinsje Fryslân in skoalle tastimming jûn hat om gjin Frysk te jaan.

Kontakt mei meiwurkers fan de oerheid

As jo kontakt hawwe mei meiwurkers fan de oerheid yn de provinsje Fryslân, meie jo de Fryske taal brûke. Dit binne meiwurkers fan:

- de Provinsje;
- de gemeente;
- it Wetterskip;
- de Plysje.

De Fryske taal yn 'e media

Jo meie de Fryske taal neist de Nederlânske taal brûke:

- op de telefyzje;
- op de radio;
- yn de krante.

Frysk yn de rjochtbank en it gerjochtshôf

Jo meie [de Fryske taal brûke yn de rjochtspraak. Bygelyks by in sitting yn 'e rjochtbank en it gerjochtshôf](#) as:

- fertochte;
- partij;

- tsjûge;
- belanghawwer, bygelyks as slachtoffer.

Jo moatte dan yn de provinsje Fryslân wenje of ferbliuwe. Wolle jo Fryske prate op sitting? Dan moatte jo dit yn it foar melde by de rjochtbank of it gerjochtshôf. De rjochter bepaalt oft der in tolk of oersetter by wêze moat.

Mûnlinge eed of belofte

Jo meie in mûnlinge eed, belofte of befêstiging ôflizze yn it Frysk. Bygelyks yn de rjochtbank. Ek politisy meie de eed yn it Frysk ôflizze. Bygelyks de leden fan:

- de Earste of Twadde Keamer;
- de Provinsjale Steaten; en
- de gemeenterieden.

Fryske efternamme feroarje

Stiet jo oarspronklik Fryske efternamme registrearre mei de Nederlânske stavering? Dan kinne jo in fersyk yntsjinje om de namme te feroarjen nei de Fryske stavering. Yn de [Brosjuere Nammeferoaring](#) stiet yn hokker situaasjes jo jo efternamme feroarje meie. Op de side [Oanfraachproseduere Nammeferoaring](#) op Justis.nl lêze jo hokker stappen jo sette moatte om in namme te feroarjen.

Op jo paspoart, identiteitskaart en/of rydbewiis moat dan ek jo nije efternamme stean. Dit regelje jo by de gemeente, nei't jo efternamme offisjeel feroare is.